

Lesbrief



DE KOERS

*telefyzjeseuarje
jeugdboek*

LES

1



SJEN

Besjoch de earste twa dielen fan 'De koers'.

Wa binne de haadrolspilers?
Skriuw de nammen op.

LÊZE

1. Ferken it boek

Besjoch it omslach. Wat fynst der fan? Meist meardere krúskes sette en sels wat ynfolje.

- wol aardich
- nijsgjirrich
- flitsend
- oantreklik
- bytsje té
- grof
- silich

- _____
- _____
- _____

2. LêsNo

Lês meiïnoar woansdei 15 july en tongersdei 16 july 2015.



Lês de dagen freed 17 july en sneon 18 july.
Beäntwurdzje dan dizze fragen / meitsje de opdrachten.

15 july Wat moat Remco skriuwe?

Wêrom moat er dat?

16 july Wêrom moat Remco gûle?

Wêrom moat Marije gûle?

Hoe âld is Remco?

17 july Wat is der bard mei Remco?

Hoe kenne Remco en Sieger elkoar?

Wat is de bynamme fan Sieger?

18 july Betink sels ien fraach (en antwurd)

Sjoch diel 3 fan De koers



Werom sjen
Bepreat diel 3 fan De koers

SJEN

Sjoch nei de dieltsjes 4 en 5 fan De koers.
Meitsje dêrnei de folgjende fragen / opdrachten.

1. Hoe hjit de klup dêr't Sieger by fytst?

2. By watfoar profteam krijt Jeppe in kontrakt?

3. Wêrom lit Marije in wite jurk sjen oan Sieger?

4. Bauke seit; 'Hy doart syn grinzen te ferlizzen, hy wol.'
Wat bedoelt Bauke hjir mei?

5. Stelling: 'Sa no en dan in bytsje doping is net sa slim'. Wat fynst dêr fan?



Lês no meïinoar fan snein 19 july oant en mei tiisdei 21 july 2015.
Beäntwurdzje dan dizze fragen / meitsje de opdrachten.

19 july

Watfoar bynamme betinkt Remco foar de ferpleechster?

Wêrom knypt er yn syn kuten?

20 july

Remco. Skriuw wurden op dy't mei him te meitsjen ha.

21 july

Sykje it filmke op Youtube. Skriuw yn stekwurden op wat der bart.



Lês fan woansdei 22 july oant en mei sneon 25 july. Meitsje dan dizze fragen:

22 july

Blêdzje werom. Sykje fiif nammen fan bekende hurdfytsers.

23 july

Stel: do bist Remco syn sjirurch. Hjoed hasto goed nijs foar him.
Skriuw yn stekwurden op watsto mei Remco beprate silst.

24 july

Do bringst in Remco fruitmand. Wat sit der yn?
Fansels op syn minst 8 ferskillende fruchten!

25 july

Wat is de belangrykste sin fan dizze tryste dei?

Sjoch nei diel 6 fan De koers

LES



SJEN

Sjoch nei de dieltsjes 7 en 8 fan De koers.
Meitsje dêrnei de folgjende fragen / opdrachten.

1. Remco nimt twa pillen. Hoe fynsto dat?

- Hy is jong en tinkt net goed nei
- Remco is in sukkel
- Hy wol stoer wêze
- _____

2. Remco krijt dêrnei in ûngelok. Wa syn skuld is dat? Wêrom fynst dat?

3. Betink hoestó €100.000 byinoar garje soest astó dy nedich hast foar in goed doel.

4. Skriuw yn stekwurden op watsto fine kinst oer genterapy.

LÊZE

1. Bepraat de antwurden fan it húswurk.
2. Lês no fan snein 26 july oant en mei woansdei 29 july 2015.

Beäntwurdzje dan dizze fragen / meitsje de opdrachten.

26 july De lêste dei fan de Tour de France. Wy lêze net wa't de Tour wûn hat. Sykje dat op.

Komst noch mear te witten oer de Tour fan 2015?

27 july Remco krijt morfine. Wat fertelt it wurdboek oer 'morfine'?

28 july Nije hope! Fertel der oer.

29 july Fausto fytst net mear. Betink in reden wêrom hy ophâldt.



Lês fan tongersdei 30 july o/m sneon 1 augustus 2015.
Meitsje dan de opdrachten / fragen.

30 july Sykje in ôfbylding fan in Bianchi Oltre XR1. Plak dat plaatsje hjirby.

31 july Wat is in benefytfeest? Hoe neamt Remco it feest?

1 augustus Wêrom is it in swarte dei?

Sjoch nei diel 9 fan De koers

LES



Bepraat diel 9 fan De koers

SJEN

Sjoch nei de dieltsjes 10 en 11 fan De koers.
Meitsje dêrnei de folgjende fragen / opdrachten.

1. Wat is it effekt fan Sieger syn dream (nachtmary)?

2. Sieger seit: 'De wrâld is grutter as tusken twa tsjillen.' Wat bedoelt er dêr mei?

3. Sieger goait syn fyts yn it wetter. Dat is:

logysk, want

dom, want

oerdreaun, want

4. Yn les 3 hasto aksjes betocht om jild te fertsjinjen. Wat fynsto fan de aksje foar Remco?



1. Bepraat de fragen fan it húswurk.
2. **Lês no** meiïnoar fan snein 2 augustus oant en mei tiisdei 4 augustus.

Beäntwurdzje dan dizze fragen / meitsje de opdrachten.

2 augustus Remco is hjoed dea-ûngelokkich. Wêr komt dat troch? Neam 3 redenen.

3 augustus Remco brûkt it wurd: dikkopkotsuster.
Betink sels in pear fan sokke wurden.

Brûk dêrby:

_____ dokter; _____ fytser;

_____ sjaffeur; _____ monteur;

_____ broer.

4 augustus meitsje fan twa wurden ien goed wurd:

1. Super... elkoar _____

2. Oeren... drave _____

3. Út... tof _____

4. Fuort... knapt _____

5. Ôf... lang _____



Lês thús fan woansdei 5 augustus oant en mei sneon 8 augustus. Meitsje dan de fragen.

5 augustus

Remco stjoert in appke nei Fausto. Wat stie yn dy app?

6 augustus

Wat is it tsjinoerstelde fan:

Ferkeard

Ruzy

Boeiend

Wierheid

7 augustus

Remco is in jonge mei in ferhaal. Wat is dat ferhaal?
Fertel it yn in pear sinnen.

8 augustus

Remco seit: 'Ik kin my bêst foarstelle dat in topsporter doping brûkt.'
Wat fynsto fan dy útspraak?

Sjoch nei de dielen 12 en 13 fan de koers



Bepraat de dielen 12 en 13 fan De koers

SJEN

Sjoch nei de lêste twa dieltsjes 14 en 15 fan De koers.
Praat oer it slot mei dizze fragen:

- Is 't yn 't foar al besletten wa't winne sil?
- Wêrom is Sieger net bliid as er wint?
- Wa fynsto de grutste held fan it ferhaal?

No't de searje ôfrûn is, kinsto in sifer jaan. Wat jousto?

Ik jou de searje in _____, want _____

Wat fynsto it belangrykste tema fan dizze searje? (1 belangrykste, 5 minst belangryk)

- freonskip
- grinzen
- leafde
- hurdfytse
- doping



Lês no fan snein 9 augustus 2015 oant en mei woansdei 12 augustus 2015.
Beäntwurdzje dêrnei dizze fragen / meitsje de opdrachten.

9 augustus Remco syn heit is stoarn oan in hertstilstân.
Wat wie neffens Remco de oarsaak?

10 augustus Sykje it ferhaal oer Ruben op. Lês it en notear der stekwurden oer.
Sykje ek in pear foto's.

11 augustus Dit deiboekfragmint begjint mei:
Twa besites op ien dei! It moat net gekker wurde. Krús oan ast it der meiïens bist:

- Remco hat wol humor
- Remco is teloarsteld
- Remco is sinysk
- Remco is der hieledal klear mei
- Remco hat in soad selsspot

12 augustus Heit-dy't-no-omke-is... Remco wit net hoe't er him neame sil.
Betink do in goede namme.



Lês thús fan tongersdei 13 augustus oant en mei freed 14 augustus.



Lês no meïinoar it boek út!

Beäntwurdzje dan dizze fragen / meitsje de opdrachten.

15 augustus Noch noait safolle brykes fan 20 en fan 50 by elkoar sjoen. En kilo's muntjild. Hoefolle soe it wêze?

_____ x € 50,- _____ x € 20,- _____ x € 5,- _____ x € 2,- _____ x € 1,-

16 augustus 'Dit is wol de dei fan de ûntknoping.' Wat is dy ûntknoping?

17 augustus Sykje de bealngrykste sin út it deiboek fan moandei 17 augustus. Skriuw dy op.

18 augustus De titel fan it boek is: De deikoersen fan Remco Ferklearje de dûbele betsjutting yn de titel.

No't it boek út is, kinsto in sifer jaan. Wat jousto?

Ik jou it boek in _____, want _____



KOLOFON

Lesbrief	By de televyzjesearje: De Koers en by it boek: De deikoersen fan Remco, skreaun troch Bart Kingma
Gearstalling	Anna Marije Bloem, Marrit de Schiffart en Jelle Bangma (einredaksje)
Opmaak	FryslânMedia
Utjefte	Cedin / sintrum meartaligens



Skreaun yn it kader fan it lêsbefoarderingsprojekt lêsNO
Realisearre mei finansjele help fan De Stichting Lezen en de provinsje Fryslân

